

# Sergeant

sergeant jo moatte my leare hoe't ik fjochtsje moat	Em	A7	Em
sergeant jo bin sa wiis, sergeant jo bin sa knap	Em	A	B7
dêrom moat jo my leare hoe't ik fjochtsje moat	Em	A7	Em
want ik ha noch nea ien fermoarde	Dm		Em

sergeant jo moatte my sizze hoe't ik sjitte moat  
hoe't ik aanst dy lytse kûgel sjitte moat  
jo ha ûnderfining en jo witte hoe't soks moat  
en ik ha noch nea ien fermoarde

sergeant ik woe graach witte wa't ús fijân is  
se sizze it is in minske lykas jo en lykas ik  
mar jo sizze fan net en jo witte it wis  
en ik ha ek noch nea ien fermoarde

sergeant ha wat geduld mei my, ik kin it noch net  
ik kin noch net goed stekke mei myn bajonet  
en ik moat ek noch leare hoe'k dan raze moat  
mar ik ha ek noch nea ien fermoarde

sergeant jo wurde betanke, jo bin mei my klear  
ik wit no hoe't ik sjitte moat mei myn gewear  
en ik wit no ek dat it der neat ta docht  
dat ik noch nea earder ien fermoarde  
dat ik noch nea earder ien deamakke haw  
dat ik noch nea earder ien fermoarde